

Alyda Faber

It treinstasjon fan Ljouwert

Seis jier nei de dea fan ús mem freegje ik ús heit nei harren earste moeting.

Barnhoutmeager, rûngear en smoarch yn alle tearen, stjoere yn ien diel fan it ferhaal syn eagen en stim in gloed oer de tafel: sy pakte my beet, sy hold my fêst – wurden dy't mei it wurd "hug" net oerset binne.

Sy skreau op syn advertinsje yn 'e krante: korrespondinte frege troch soldaat, ûnwennich, militêre tsjinst yn Ynje.

Se troffen inoar op it treinstasjon omdat sy net ien mei nei hûs nimme koe. Har suster fan trije-en-tweintich wie krekt stoarn.

Hoe't har âlden it him tabetrouden om har mei te nimmen nei Kanada.

Sy hold him fêst en hy soe har nea wer loslitte.

Doe't wy hiel lyts wiene, droech er ús ûnder de earms as canvasrollen nei de stoepe fan 'e foardoar, oer planken dy't oer in modderige tún leine. Jierren letter hold er ús fêst as de duvel him in heafoarke op 'e kont sette.

As ik him opsykje, is syn groet koart: o, bisto it.

As er spraaksumer is, rekket syn groetsjen oan klean: it heugde him dat syn mem altyd minsken yn in koarte broek wite stokken neamde; hy frege, *witsto wat in man tsjin in soldaat sei? Do kinst de learzen mei stront folje.*

Syn hammer, syn bern de spikers.

Us heit rint mei twa stokken, de holle omleech, smoarge giele pet in hongerige bek dy't nei it trotwaar pikt. Ik doch de autodoar iepen, sil him ticht dwaan as hy deryn sit, sil him oeral hinne ride wêr't er mar wol, sil oeren yn syn keuken sitte oant it begjint te skimerjen, mar ik reitsje him net oan.

Syn helpeleazens luts jim mem oan. Sy wie in martelares, sei muoike.

Yn ús mem har roumist, wie de frijendling dy't se fêsthold op in ein- of op in tuskenperron?

As ik in stjerrekaart leauwe mei makke troch in Fietnameeske Buddhist dy't ik trof by de fitness (hy hie it op oare punten by it rjochte ein) dan wie ien fan ús âlden obsedearre troch seks.

As it myn broer goed heucht, fûn er in plat pakje ûnder de matte yn 'e auto wylst er wachte op ús heit yn 'e waskerij. It waard him fluch út 'e hannen skuord doe't er wappere mei it glânzjende fjouwerkant yn 'e sinne dy't skynde op 'e drûgers.

Geniete er derfan, it bernekontsje dat er read sloech? In show, syn gebearten grut as fan in clown, útsinnich laitsjen, ik wie it publyk of yn 'e ring, broeken en ûnderbroeken nei ûnderen lutsen, wipwappend by him op 'e skurte. In sirkus foar de hiel jongen.

Hoe ytber, bern op alle leeftiden. Noch altyd it bern op alle leeftiden.

De houliksgelofte hold ús mem fêst.

Us heit makke ienlike deitripkes nei agraryske fakbeurzen, en kaam jûns let thús.

Sy pakte him beet, befongen troch leafde dy't se net fiede foar oare gadingmakkers.

Allinne de dea hat harren skaat.

Hy kocht trije plakken op it begraafplak omdat er net ien by har yn 'e buert woe.

Doe't ik twaentweintich wie, ried ús omke my nei Amsterdam en naam ôfskied bûten it stasjon. Syn hannen om myn gesicht; hy seach my yntins oan – it gebeart like belangryk en dêrom wit ik it noch, mar ik fiede my bûten de betsjutting.

Us omke's iennige dochter, trije moanne en tsien dagen nei my berne, libbe fiif jier en 271 dagen.

Myn nichtsje foel somtiden yn 'e gong as se krekt fan 't bêd ôf wie. En doe de Hong Kong gryp.

Dyselde winter stoar in famke dat by my op 'e beukerskoalle siet. Ik seach it lege fek dêr't har dingen oars stiene. Us mem seach my as de folgjende fisk dy't oan 'e fisktried fongen wurde soe, en dêrnei iet ik altyd mei har slipe mes en foarke.

It libjen mei dy leeftiidsleaze fiifjierrigen follet myn spoaren yn 'e snie.

Jierren wie ik benaud foar dy longerjende blik fan ús omke en muoike.

Yn 'e gong fan myn apartemint stiek omke de earms út en tute my op 'e lippen, myn lichem draaide yn frjemde hoeken by him wei. Muoike kaam der skerp tusken, *zij kan daar niet tegen* – do makkest har oerstjoer.

Wachtsjend op it treinperron, de neiens fan omdraaiend libben en it stillibben.

Net it libben dat ús mem woe, mar se hie likegoed dagen dat de sinne op har foel.

Net de heit dy't ik woe, mar ien dy't ús mem begroete op it stasjon en nei Kanada folge.

Mar ien kear besocht ik it grêf fan myn nichtsje, omke stil, rûn foar ús út, muoike prate – safolle bern oft der dy wyks dea giene, de dokter dy't sei dat er ûntslach naam as der noch in bern stoar – omke dy't foarop rûn yn stilte.

Ik koe gjin bern yn 'e wrâld aventoerje.

Nei in wike fan hûs, yn 'e gong mei in koffer, groetet de kat my mei in triljen; ik hâld har ticht tsjin my oan en jou har in tút. Ik doch dat net ynstinktyf mei famylje.

Us mem begroete him, en hold him stevich fêst, it momint dat him beskeate.

Ik fyn ús heit, yn in readblokt jack en basebalpet, hy sit allinne op 'e lêste rige op 'e brulloft. Op myn fraach, *wol heit net wat mear nei foaren?* antwurdet er, *skammesto dy derfoar om by my te sitten?*

Is der in begear sa suver as in bern foar in âlder en sa ferwoeden as de eagen fan 'e keamer leech weromstoarje?

Der binne safolle mominten foar en nei hokfoar fotografyske opname dan ek as eat yn it fleis in gat iepenklikt. Us omke en ik sitte op 'e swarte learen bank foto's te besjen, in lêste hanneling foar it treinstasjon. As ik it lytse album tichtslach, draait er nei my ta en rekket myn gesicht oan as koe er it úthongere bern werom yn 'e folwoeksen frou. As oft de tsjinstbere wjokken fan in bij dizich waarden.

As ús heit tinkt dat ik hast fuort sil, draait er nei de dinnebeammen by de oprit lâns en betanket er my.

As ik echt fuort sil, sit er ûnderútsakke yn in stoel by it houtfornûs. Ik rin oer it grint fan it lege perseel fan ús heit. Mei winkel en benzinepompen fuort, hat nimmen plannen om te bouwen.

Us omke kin ús muoike net lang allinne litte – se kin de dyk út rinne. Fan it treinstasjon, yn te min tiid, de Atlantyske Oseaan wer tusken ús yn.

Allinne bosk, fjild, autodiken, marren, doarpen en stêden skiede my en ús heit.

Us heit kin ús mem net it hoekje fan har dea om gean litte.

Krekt foar't wy de glasiale delte yn ride dy't de pleatslike befolking de Helheuvelds neamt, freget ús heit – *hawwe mem en ik goed op jimme allegear past?* – in stilte en dan sis ik – *ja?*

Midmiddeisferkear, de sinne skampt ûnferskillich ôf op metaal en glês, ús omke fertelt my dat se in Kever en in Sovjet-auto hân hawwe dy't Lelijke Eend neamd waard, praat om praat te hâlden by it skieden alhiel oant de automatyske doarren fan it stasjon.

Wylst it ljocht yn pearls foel, hold ús mem him, in frjemd, fêst.

Nei omke syn farwol sjoch ik fan 'e binnenkant nei de stasjondoarren. Ik realisearje my dat er in hiel skoft yn 'e auto sit foar't er einlings efterútrydt en it lege amfiteäter fan 'e middei yn draait.

De trein sil op 'e tiid fuortgean.

Ik rin mooglik troch dat plak fan 'e moeting, op myn wei nei de trein, dêr't ús mem in frjemd fêsthôld.

(Oersetting: Janneke Spoelstra)